

Oan de fraksjes fan:
ChirstenUnie, Dhr. L. van der Pol,
CDA Mefr. A. Meekma,
D66 Mefr. B. Bijlsma,
SP Mefr. H. Goede

Ljouwert, 10 jannewaris 2023
Ferstjoerd,

10 JAN. 2023

Ús merkteken : 02057944
Ôfd/Opjefte : Taal en kennis
Opsteld troch : 
Jo merkteken : 02054619
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurdig skriftlike fragen oer Mozilla Common Voice

Achte froulju Bijlsma, Goede en Meekma en hear Van der Pol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 1 desimber 2022 beântwurdzje wy as neikomt. Us ekskús foar it bûten de termyn beântwurdzjen fan dizze fragen.

Ynlieding:

Jo meitsje jo soargen oer it projekt Mozilla Common Voice. Jo skriuwe dat der al in oantal jierren besocht wurdt om oan ynsprutsen teksten te kommen om it Frysk ek foar allerhande digitale tapassingen te brûken. Apps kinne op dy wize spraak nei tekst en tekst nei spraak ymplementearje. Sa is ek dit neijier wêr oandacht frege foar dizze aksje. Al sûnt 2018 wurdt troch ferskate partijen oan dit projekt wurke. Yn de tarieding op dizze fragen wie it foar de fraachsteller in toer om op 'e hichte te kommen fan de hjoeddeistige stân fan dit projekt. Ek it projekt sels is muoisum te finen. De úteinlik fûne webside toant net oan dat der sprake is fan in grut tal dielnimmers. Ien fan de digitale tapassingen fan spraakwerkenning is it automatysk ûndertiteljen fan fideo. In probleem fan de âlderein is faaks dat men it sprutsen wurd op bygelyks de Omrop net folgje kin. Ek minsken mei dôvens ha hjir uteraard lêst fan.

Fraach 1:

Wat is oant no ta it resultaat fan dit projekt?

Antwurd fraach 1:

Der wurdt al ferskate jierren wurke oan it foljen fan de open source database fan Mozilla Common Voice. Mei dy database kin elkenien spraaktapassingen bouwe. Om tapassingen fan goede kwaliteit bouwe te kinnen binne der likernôch 300 oeren oan ynsprutsen en falidearre fragminten nedich. Om't it net sa hurd giet mei it ynsprekken en falidearjen is besletten om op 27 oktober in ynsprekmaraton te begjinnen dy't einigje sil op 21 febrewaris 2023, de Europeeske Dei fan de Memmetaal.

Op 12 desimber 2022 binne der 157 oeren ynsprutsen en 54 oeren falidearre. Sûnt de start fan de ynsprekmaraton in oanwaaks fan 21 oeren spraak en 5 oeren falidearre fragminten.

Fraach 2:

Op hokker wize is de provinsje - op basis fan har belied om it Frysk te stypjen - belutsen by dit inisjatyf? En op hokker wize wol de provinsje de útfiering dêrfan befoarderje?

Antwurd fraach 2:

Wy hawwe de Fryske vlogger Eduard Rekker frege ambassadeur fan de ynsprekkampanje te wurden en de gewoane Fries besykje oer de streek te heljen om oan it projekt mei te dwaan. De Fryske vlogger hat ûnder oaren in tal flochs makke, is dwaande om memes te ûntwikkeljen en freget ek oare ferneamde Friezen om harren oan de kampanje te ferbinen troch yn te sprekken en harren fans op te roppen ek mei te dwaan. Fierder giet de Fryske vlogger nei in tal eveneminten yn Fryslân en sil ek noch mei in kemper troch Fryslân reizigje om minsken te motivearjen ek yn te sprekken.

De provinsje Fryslân finansieret dizze kampanje. De Fryske vlogger sprek in jong publyk oan. Om't de 300 oeren benedigde ynsprutsen oeren noch net yn sicht binne, wolle wy besjen oft wy troch it ûntwikkeljen fan in kampanje by de tradisjonele media lykas Omrop Fryslân en de regionale deiblêden dêrneist ek in wat oare doelgroep oan te sprekken is om yn aksje te kommen.

Fraach 3:

Is DS ek op 'e hichte fan de stân fan saken fan it ûndertitljen fan video yn it algemien en yn it bysûnder op de stjoerder fan de Omrop? Hokker ôfspraken binne hjirfoer makke?

Antwurd fraach 3:

De gearwurkjende griffies yn Fryslân binne dwaande mei it ûntwikkeljen fan twatalige ûndertiteling fan de Steate- en Riedsfergaderingen, en de iepenbiere gearkomsten fan it Wetterskip.

De ferwachting is dat dy ûndertiteling yn it earste fearnsjier fan 2023 operasjoneel wêze sil. Dizze technyk is lykwols net ien-op-ien oer te nimmen troch Omrop Fryslân om't dy basearre is op in oar fakjargon. Op it stuit ferkend Omrop Fryslân de mooglikheden om foar harren programmearing ûndertiteling te ûnwikkeljen. Dat sille se net allinnich finansiere kinne, dêr wolle wy ek mei it Ryk oer yn petear.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


A. Schepers, MSc, sekretaris